

*Toelichting bij de petitie
voor de Vaste Kamercommissie
van Binnenlandse Zaken
van de Boarger Aksjegroep
'Sis Tsiis' (BAST)
betreffende de zorg voor het Fries*

26 juni 2019

Goed onderwijs in de Friese moedertaal is een kinderrecht dat o.a. vastgelegd is in het Kaderverdrag voor de bescherming van Nationale Minderheden en het Europees Handvest voor Regionale of Minderheidstalen. Tot op heden is er voor het Nederlandse beleid op dat gebied nog geen voldoende uitgedaald door het Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages.

85% van alle Friese kinderen is nog steeds analfabeet in hun moedertaal als ze de school verlaten, terwijl Fries al 38 jaar als een verplicht vak in de wet is opgenomen. Daardoor 'leert' men op school ook dat er twee soorten kinderen zijn: zij die **wel** leren lezen en schrijven in hun moedertaal en kinderen van wie de moedertaal daarvoor niet goed genoeg geacht wordt. Wij vinden dat Friestalige kinderen **gelijkwaardig** zijn aan Nederlandstalige kinderen en daarom ook in de **praktijk gelijkberechtigd** behoren te zijn. Dat geldt eveneens voor het onderwijs in de *geschiedenis van de Friezen* (vgl. art. 8, 1, g van it Europees Handvest), dat zou moeten worden vastgelegd in wettelijk vastgestelde kerndoelen. Hetzelfde recht op onderwijs in *eigen taal* en *geschiedenis* hoort ook te gelden voor leerlingen die onder de *Wet op de Expertisecentra* vallen. Dat stagniert eveneens al enkele decennia.

Het zogenaamde 'Taalplan' van de provincie Fryslân staat scholen nog 12 jaar (!) uitstel toe om te voldoen aan de kerndoelen voor het Fries, zodat er dus een **halve eeuw** verloren gaat voordat de wet 'echt' wordt uitgevoerd. Dat vinden wij veel te lang en zeer beschamend. De kinderen die **nú** naar school gaan, hebben **nú** evengoed hun rechten. Zo'n tijdperk is bovendien een totaal verkeerd signaal naar degenen die er al 40 jaar in slagen om de implementatie van de internationale en landelijke wet- en regelgeving te traineren. Het tast de geloofwaardigheid van de wetgever ernstig aan en dat moet stoppen.



Goed ûnderwiis yn de Fryske memmetaal is in bernerjocht lykas fêstlein yn it *Ramtfedrach foar de beskerming fan Nasjonale Minderheden* en it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen*. Der hat oant no ta noch net in rapport fan it *Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages* west dat it Nederlânske belied op dat mêd in 'foldwaande' joech.

85% fan de Fryske bern komt noch altiten as analfabeet yn harren memmetaal fan skoalle, wylst it Frysk al 38 jier as ferplichte fak yn de wet opnommen is. En sadwaande 'leart' men op skoalle ek dat der twa soarten bern binne: dejingen dy't **wol** lêzen en skriuwen yn harren memmetaal leare en dejingen waans memmetaal dêr te min foar achte wurdt. Wy binne fan betinken dat Frysktalige bern **lykweardich** binne oan Hollânsktalige bern en dat Frysk en Hollânsk dêrom yn de *praktyk* ek **lykberjochtige** hearre te wêzen. Dat jildt likegoed foar it ûnderwiis yn de *skiednis fan de Friezen* (ferl. kêst 8, 1, g fan it Europeesk Hânfêst), dat syn delslach krije moatte soe yn wetlik fêststelde keardoelen. Itselde rjocht op ûnderwiis yn *eigen taal* en *eigen skiednis* heart lyksa te jilden foar de learlingen dy't ûnder de *Wet op de Ekspertizesintra* (WEC) falle. Dat stagnearret ek al inkelde desennia.

It saneamde 'Taalplan' fan de provinsje Fryslân hâldt yn dat it noch 12 jier (!) duorje mei foardat alle skoallen oan de keardoelen foar Frysk foldogge, sadat der dus anst **in heale iuw** ferlern gien is ear't de wet 'echt' útfierd wurdt. Dat achtsje wy fierstente lang en tige beskamsom. De bern dy't **nó** op skoalle sitte, hawwe **nó** likegoed har rjochten. Sa'n tiidrek is boppedat in folslein ferkeard sinjaal oan dejingen dy't it hast al 40 jier slagge is en trênearje de ymplementaasje fan de ynternasjonale en lanlike wet- en regeljouwing. It taast de betrouberens fan de wetjouwer slim oan en dat moat ophâlde.

BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis' sluit zich aan bij de petitie van de Ried fan de Fryske Beweging (18-12-2018):

1. Fryslân moet een zelfstandige bestuurseenheid blijven en een zelfstandige culturele regio worden (*Europees Handvest voor Regionale of Minderheidstalen*, artikel 7).
2. Elf jaar is te lang voor het geven van 'ontheffingen'.
3. 'Voldoende draagvlak' bij schoolbesturen dient géén voorwaarde voor het geven van onderwijs in het Fries.
4. Het vak Fries wordt verplicht in alle leerjaren op alle schooltypen in Fryslân.
5. Fries en Nederlands worden door de onderwijsinspectie op dezelfde manier beoordeeld.
6. Functionarissen in bestuur, rechtspraak en andere openbare diensten moeten het Fries actief beheersen.
7. De overheid geeft financiële steun aan de Friese media en aan een onafhankelijk Friestalig tijdschrift.

Daarbij acht 'Sis Tsiis' ook het volgende noodzakelijk:

1. Het Rijk en Provincie proberen om de wet- en regelgeving zo aan te passen dat de zorgplicht voor het Fries, die volgens de minister van Binnenlandse Zaken primair bij de Provincie ligt (formulering uit de brief van de minister aan de Tweede Kamer van 31-1-2019, s. 2), ook echt kan worden waargemaakt.
2. De Materiële Instandhouding Fries (MIF) moet daarom worden verdubbeld. Het gaat tot nu toe om een symbolisch klein bedrag van minder dan een miljoen, dat naar meer dan 400 scholen gaat. Dat is alles wat er structureel voor het Primair Onderwijs op de werkvloer wordt uitgegeven. De scholen hebben behoefte aan een stimulerend signaal.
3. Zeker nog veel belangrijker is het dat de Provincie de financiële middelen krijgt om dat ook effectief te kunnen sturen. Daarvoor zou een substantieel deel van het landelijke onderwijsbudget naar een Fries onderwijsbudget overgeheveld moeten worden.

De BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis' slút him oan by de petysje fan de Ried fan de Fryske Beweging (18-12-2018):

1. Fryslân moat in selsstannige bestjoersienheid bliuwe en in selsstannige kulturele regio wurde (*Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen*, kêst 7).
2. Alve jier is te lang foar it jaan fan 'ûntheffings'.
3. 'Foldwaande draachflak' by skoalbestjoeren moat gjin betingst foar it jaan fan ûnderwiis yn it Frysk wêze.
4. It fak Frysk wurdt ferplichte yn alle learjierren op alle skoaltypen yn Fryslân.
5. Frysk en Hollânsk wurde troch de ûnderwiisynspeksje op deselde wize beoardiele.
6. Funksjonarissen yn bestjoer, rjochtspraak en oare iepenbiere tsjinsten moatte it Frysk aktyf behearskje.
7. De oerheid jout finansjele stipe oan de Fryske media en oan in ûnôfhinklik Frysktalich tydskrift.

Dêrby achtet 'Sis Tsiis' ek it neikommende needsaaklik:

1. It Ryk en de Provinsje besykje om de wet- en regeljouwing sa oan te passen dat de soarchplicht foar it Frysk, dy't neffens de minister fan Ynlânske Saken primêr by de Provinsje leit (formulearring út it brief fan de minister oan de Twadde Keamer fan 31-1-2019, s. 2), ek echt wiermakke wurde kin.
2. De Materiële Ynstânhâlding Frysk (MYF) moat dêrom ferdûbele wurde. It giet oant no ta om in symboalysk lyts bedrach fan minder as in miljoen, dat nei mear as 400 skoallen giet. Dat is alles wat der structureel foar it Primêr ûnderwiis op de wurkflier útjûn wurdt. De skoallen hawwe ferlet fan in stimulearjend sinjaal.
3. Grif noch folle wichtiger is it dat de Provinsje de finansjele middels kriget om dat ek effektyf stjoere te kinnen. Dêrfoar soe in substansjeel part fan it lanlike ûnderwiisbudzjet nei in Frysk ûnderwiisbudzjet oerhevele wurde moatte.